

Underwerpen Steatmerk 11 januaris 2017
Lokaasje: bedriwsrestaurant, Provinsjehûs

16.00 – 18.00 oere

1. Hifking it projekt Fryske Marren

It projekt Fryske Marren fan de provinsje Fryslân is oer de perioade 2000 – 2015 útfierd. Troch de útfiering fan it projekt Fryske Marren is in grut tal projekten ta stân brocht foar in bedrach fan mei-inoar sawat € 450 miljoen. Oer it projekt en de programmaperioade wurdt in lêste hifking makke. Dit is in útstel foar de opset fan de lêste hifking.

2. Opjefte Mobiliteitscentrale NO: juridyske foarm gearwurking: bedrijfsvoeringsorganisatie Mobiliteitsbureau

Mei yngong fan 1 augustus 2017 bringe gemeenten it Wmo-ferfier en it learlingeferfier yn de mobiliteitscentrale ûnder. De provinsje heakket yn desimber 2017 by de nije tsjinstregeling oan mei it Opstappervervoer. Ien fan de ûnderdielen yn dizze opjefte is de juridyske foarm foar de gearwurking. De seis gemeenten yn Noardeast Fryslân en de provinsje wolle gearwurkje yn de oanbesteging en it kontraktbehear fan de mobiliteitscentrale en it ferfier.

Oan Provinsjale Steaten wurdt frege Deputearre Steaten tastimming te ferlienen ta it mei-treffen fan de mienskiplike regeling Bedrijfsvoeringsorganisatie Mobiliteitsbureau Noordoost Fryslân.

3. Afhechting oude instrumentarium en nieuwe aanpak Breedband

Yn 2013 en 2014 waarden it belied, de oanpak en de ynstruminten foar it ta stân bringen fan glêsfezel- netwurken foar fluch ynternet yn de tinbefolke gebieten yn Fryslân feststeld. Tagelyk waard yn juny 2014 in budzjet fan € 60 miljoen beskikber steld. Dêrnei binne de ynstruminten operasjoneel wurden. Yn juny 2016 stimden PS yn mei it fannijs oriïntearjen op dizze oanpak. Der waard besletten ta it dielnimmen yn in netwurkbedriuw. Dêrfoar waard op syn meast € 35 miljoen beskikber steld. Ein novimber besleaten DS om ôf te sjen fan dielname yn in netwurkbedriuw en om yn te setten op in nije oanpak. DS komme no mei in nij útstel.

